

FRYSKE AKADEMY

Jierboekgearkomste 26 novimber 2022 yn de Gysbert Japicksseal fan Tresoar yn Ljouwert.

Foarsitter Gosse van der Plaats iepent de gearkomste en hjit elkenien wolkom.

Berjocht fan behindering is der fan Sjoerd de Boer út de Pein; Sibbele de Jong út Siddeburen; Bouwe van der Meulen en ús skriuwer Jabik van der Bij.

Foar de presintaasje fan it Genealogysk Jierboek 2022 jout Gosse it wurd oan Ype Brouwers.

Wie it jierboek ferline jier wat beskieden fan omfang, dit jier is it in mânsk boek wurden.

It jierboek iepent mei in artikel oer “De Friese komaf van Meindert Hobbema” troch Nico van der Woude. Meindert Hobbema is gjin famylje fan de skriuwer fan it artikel.

De Amsterdamske skilder Meindert Hobbema hat Fryske woartels.

Meindert Hobbema wie in wichtich skilder yn de 17e iuw. Berne 1638 yn Amsterdam mei in Fryske namme, syn pake Meindert Tiebbs (1582-1619) is al om 1600 hinne nei Amsterdam ferfearn. Meindert Hobbema syn heit en pake brûkten de namme Hobbema net. It wie in sliepde famyljenamme, want Meindert Hobbema syn oerpake Tiebbe Buwes Hobbema brûkte de namme Hobbema al.

De stamrige is: Meindert Lubberts Hobbema – Lubbert Meinderts – Meindert Tiebbs – Tiebbe Buwes – Buwe Buwes Hobbema.

Foar 1575 wie de namme Hobbema yn Kollimerlân al yn gebrûk. De namme wurdt nei 1575 net mear brûkt yn Kollumerlân. Ek yn Amsterdam brûke hja de namme net. Nei 1660 brûkt de skilder Meindert Lubberts de namme Hobbema wer.

Jan T Anema fertelt oer de bydrage Franckena út Eaststellingwerf.

Abelus Franckena waard wol oansjoen foar de stamheit fan de Franckena's yn Eaststellingwerf. Mar dat kloppet net, want Abelus Franckena hie gjin bern. De stamheit fan dizze Franckena's wie Franke Roelofs. Dizze famylje is útstoarn yn Fryslân.

Ek yn Weststellingwerf wiene Franckena's. Jelle de Jong hat Franckena foarâlden en is mei dizze famylje dwaande west. Der is gjin ferbân tusken de East- en Weststellingerver Franckena's.

De stamheit fan dizze Franckena's is Francke Boeles.

Dizze Francke Boeles hie 3 bern: Reyner Frencken; Jurjen Francken en Anna Francke Boeles.

Matthijs Reyners Franckena wie in soan fan Reyner Francken en wie in suksesfol bestjoerder.

De yn 1627 yn Spangea ferstoarne Jurjen Francken, hie in soan Abel Jurjens. Dizze Abel Jurjens hie in soan Francke Abels Franckena dy't yn Aldegea (W) wenne.

Anna Francke Boeles wie trout mei Bartel Jans; hja hie in soan ds Abel Bartels Franckena.

Genealogy Lauta van Aysma.

Dizze genealogy is foar in grut part útsocht troch de yn 2011 ferstoarne Onno Hellinga. André Buwalda fertelt oer it ûndersyk nei dizze famylje.

Hessel van Aysma(1528-1592 wie presidint fan it Hof fan Fryslân. Hy wenne op Aysmastate under Bitgummole. Nieuwe Groot Aysma is yn 1880 foar ôfbraak ferkocht.

Lautastate yn Wier is yn 1748 ôfbarnd. Yn Hichtum wie Wybranda State, 'outtijts Aisma'.

Op Rinsma State yn Driesum wenne Hessel van Aysma (1635-1680).

De Klinze yn Aldtsjerk is om 1665 hinne boud as Aysma State troch Hessel H Aysma. Syn deadsbier is yn Fogelsingstate Feankleaster. Harstastate yn Hegebeintum wie fan Focke Scheltes van Aysma (1584-1651). Yn de tsjerke fan Ferwert is in Aysmabank en leit in grêfsark Aysma. Osingastate yn Skettens wie fan Hotse van Aisma yn 1722. Hjir is in Skelte van Aysmastrjitte.

Yn it museum yn Swol wiene portretten fan Schelte van Aysma en Scheltina Aysma van Lauta.

Yn Skettens is yn de tsjerke de grêfkelder fan kolonel Schelte van Aysma en syn helm hat der altyd yn de toer hongen.

Der waard tocht dat de van Aysma's útstoarn wiene, mar yn Apeldoorn wennet Frans Lauta van Aysma en it die bliken dat er 100% van Aysma DNA hat. Dermei koe der dus oanspraak meitsje op in adellike titel.

Ta beslút wurde altyd de wapenregistraasjes taljochte troch Jelle Terluin. Omdat Jelle Terluin siik is ljochtet Jan T Anema koart de wapenregistraasjes ta. Op in lettere gearkomste sil Jelle Terluin syn praatsje hâlde.

Ype rikt it jierboek 2022 út oan de foarsitter Gosse van der Plaats en slút dermei it Jierboekdiel fan de gearkomste ôf.

Nei it omfregjen winsket de foarsitter elkenien wol thús en slút de gearkomste.

Rinse Spits, notulant